



Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear fan de gemeente Ljouwerteradiel (30-01-2003)

Artikel 1: definysjes

Yn dizze oardering wurdt ferstien ûnder:

- twataligens: kar foar de Nederlânske of de Fryske taal;
- bestjoersorganen: gemeenterie, it kolleezje fan boargemaster en wethâlders, en de boargemaster;

Artikel 2: berik fan de oardering

Dizze oardering regelet it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken fan de gemeente Ljouwerteradiel.

Artikel 3: rjocht fan taalkar

De bestjoersorganen hawwe it rjocht om te kiezen foar it brûken fan de Fryske taal, foar safier't dat rjocht net beheind wurdt troch wetlike bepalings.

Artikel 4: taalkar

De bestjoersorganen kieze foar it begjinsel fan twataligens.

Artikel 5: kritearia taalkar

By de taalkar wurdt yn alle gefallen rekken hâlden mei:

- a. de taalkarkritearia sa 't dy dellein binnen yn artikel 2:10 fan de Algemene wet bestuursrecht;
- b. it belang om deselde taal te brûken as dêr't it bestjoersorgaan yn oanskreaun is (folgjend taalbelied);
- c. de kontinuïteit fan de taalkar;
- d. de bestimming fan de dokuminten;
- e. de konsiderâns fan ôfdieling 2.2 fan de Algemene wet bestuursrecht: "groter gewicht toe te kennen oan de begjinselen van gelijke behandeling en gelijkwaardigheid van de Friese taal in de provincie Fryslân."

Artikel 6: oersetregeling

1. Is in dokumint yn de Fryske taal steld, dan jout it bestjoersorgaan op fersyk in Nederlânsktalige oersetting. Dêr wurdt gjin fergoeding foar frege.
2. By in wiermerke Nederlânske oersetting fan stikken dy't allinnich yn de Fryske taal steld binne, jout de oarspronklike Fryske tekst, yngefal fan ynterpretaasjeferskillen, de trochslach;

Artikel 7: ridlikheidsklausule

Yn bysûndere omstannichheden wêrby't de tapassing fan dizze oardering nei de miening fan in bestjoersorgaan op ûnridlikens útdraait kin it bestjoersorgaan motivearre ôfwike fan it bepaalde yn 'e oardering.

Artikel 8: slotbepalings

1. Dizze oardering giet yn nei publikaasje fan it riedsbeslút yn febrewaris 2003;



2. Dizze oardering kin oanhelle wurde as "Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear fan de gemeente Ljouwerteradiel".

Bylage 1

Taljochting it artikel.

Artikel 1:

Dit artikel jout definysjes foar begripen dy't net omskreaun binne yn de Algemene wet bestuursrecht.

Artikel 2:

Yn dit artikel wurdt de wurking fan de modeloardering oanjûn. Der binne twa begrinzings.

- Yn it foarste plak jildt de oardering allinnich foar gemeenten en wetterskippen. Der wurde gjin regels steld dy't fan betsjutting binne foar de taalkar fan boargers. Yn de Algemene wet bestuursrecht binne dêr wol bepalings oer opnommen. It doel fan de oardering is lykwols rjochtswissens te bieden oan boargers yn de omgong mei bestjoersorganen. It is dan ek saak om sa dúdlik mooglik te omskriuwen hoe't de gemeente of it wetterskip mei it Frysk omgiet.
- Yn it twadde plak jildt de oardering allinnich foar it skriftlik ferkear. It mûnling ferkear is in saak fan 'normale wederkerende tegemoetkomendheid', sa't dat ek al neamd waard yn it einrapport fan de Kommisje Kingma Boltjes yn 1953. Dêrneist binne yn artikels 2:7 en 2:8 fan de Algemene wet bestuursrecht regels opnommen oer it mûnling ferkear. Krekt mei it skriftlik ferkear hingje rjochten en ferplichtings gear. Yn artikel 2:9 fan de Algemene wet bestuursrecht wurdt oan de yn de provinsje Fryslân festige bestjoersorganen dy't net ta de sintrale oerheid hearre, dan ek eksplisyt it foech jûn om regels te stellen foar it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken.

Artikel 3:

De bestjoersorganen fan in gemeente binne: de gemeenterie, it kolleezje fan boargemaster en wethâlders en de boargemaster.

Under bestjoersorganen fan in wetterskip wurdt ferstien: it algemien bestjoer, it deistich bestjoer en de foarsitter.

Under de definysje fan bestjoersorganen yn de Algemene wet bestuursrecht falle ek de yn Fryslân festige, by mienskiplike regeling ynstelde iepenbiere lichems en mienskiplike organen. Sjoen de bestjoerspraktyk yn Fryslân falt net te ferwachtsjen dat der swierrichheden oer ûntsteane mei Nederlânske partisipanten. Dêrby kin der ek wer wiisd wurde op de 'normale wederkerende tegemoetkomendheid'.

It rjocht fan in frije taalkar kin beheind wurde troch wetlike bepalings. Dêrûnder wurde formeel wetlike bepalings ferstien, lykas artikel 2:10 en 2:11 út de Algemene wet bestuursrecht en artikel 88 fan de Beropswet.

It kin fierder sa wêze dat gemeenten en wetterskippen sels regels fêstlein hawwe oer it brûken fan de taal. Dit binne dan útsûnderings en dêrtroch jildt de oardering dan net.

Artikel 4:

Yn 'e diskusje oer it Frysk yn it bestjoerlik ferkear spilet de fraach oft foar twataligens of dûbeltaligens keazen wurde moat. Twataligens docht rjocht oan it begjinsel fan lykweardigens,



GEMEENTE LEEWARDERADEEL

mar freget wol in bewuste kar yn eltse situaasje. Dûbeltaligens jout in konkurrinsjeferhâlding en it kostet mear tiid en jild om alles yn twa talen op te stellen. Yn de Algemene wet bestuursrecht bliuwt de mooglikheid iepen foar beide stelsels. Yn dizze oardering is dat ek dien om gemeenten en wetterskippen net yn it foar te beheinen yn harren mooglikheden.

Wurdt der keazen foar dûbeltaligens dan hoege artikel 5 en 6 net opnommen te wurden, om't by dûbeltaligens gjin taalkar makke wurde hoecht en gjin oersettingsregeling nedich is. Alle dokuminten wurde dan skreaun yn it Nederlânsk én yn it Frysk. De kar foar ien fan de alternativen is tagelyk in kar foar ien fan de beide stelsels.

Artikel 5:

Yn it oarspronklike wetsútstel fan de Algemene wet bestuursrecht wiene algemiene rjochtlinen opnommen dy't yn grutte halen oanjouwe mei hokker faktoaren rekken hâlden wurde moat by it meitsjen fan in taalkar. Dy algemiene rjochtlinen binne út de úteinlike wetstekst skrast om't yn artikel 2:10 al inkelde mear twingende noarmen opnommen binne foar it skriftlik gebrûk fan de Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear.

Yn de taljochting fan it ministearje fan Binnenlânske Saken (opnommen yn de nota nei oanlieding fan it ferslach fan de twadde keamerfraksjes) wurdt steld dat hja der fanút geane dat de Fryske gemeenten en wetterskippen dy't in taalkaroardering opstelle, dêrby rekken hâlde mei de earder neamde algemiene rjochtlinen. Omdat dy algemiene rjochtlinen ek oanslute by de besteande praktyk yn Fryslân binne sy opnommen yn de modeloardering. Tegearre mei artikel 2:10 foarmje sy in goede basis foar de taalkar fan gemeenten en wetterskippen.

De oardering giet út fan de algemien akseptearre útgongspunten foar regeljouwing oer it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear, nammentlik de lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk en it Nederlânsk as talen fan it offisjele ferkear yn Fryslân.

Yn artikel 5, lid e binne dizze útgongspunten dellein en dêrmei ek it útgongspunt fan dizze oardering: it ferbetterjen fan de posysje fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear troch it fieren fan in eksplisyt taalbelied.

Artikel 6:

In oersetting fan in Frysktalich stik op fersyk sil (ynearsten) fergees jûn wurde.

Artikel 7:

Om't der sitewaasjes wêze kinne wêryn't it net ridlik is sjoen de omstannichheden om fêst te hâlden oan it bepaalde yn'e oardering is der foar keazen om dizze ridlikheidsklausule op te nimmen. Der soene ommers omstannichheden wêze kinne wêryn't in bestjoersorgaan ôfwike wol fan it begjinsel fan twataligens en in stik dûbeltalich nei bûten bringe wol. Yn alle gefallen moat it gean om bysûndere omstannichheden dy't harren net fan te foaren yn in regel fetsje litte en wêrby't sprake wêze sil fan ûnridlikens wannear't de oardering tapast wurdt. It bestjoersorgaan sil har oardiel hjiroer jaan moatte en sil de ôfwiking fan'e oardering motivearje moatte.

Artikel 8:

Dit artikel is algemien en jout gjin oanlieding ta op- of oanmerkings.



Nederlandse tekst van de verordening inzake het gebruik van de Friese taal in het schriftelijk verkeer van de gemeente Leeuwarderadeel.

Artikel 1: definities

In deze verordening wordt verstaan onder:

- weetaligheid: de keuze voor de Nederlandse of de Friese taal;
- bestuursorganen: gemeenteraad, het college van burgemeester en wethouders, en de burgemeester.

Artikel 2: bereik van de verordening

Deze verordening regelt het gebruik van de Friese taal in schriftelijke stukken van de gemeente Leeuwarderadeel.

Artikel 3: recht van taalkeuze

De bestuursorganen hebben het recht te kiezen voor het gebruik van de Friese taal, voorzover dat recht niet beperkt wordt door wettelijke bepalingen.

Artikel 4: taalkeuze

De bestuursorganen kiezen voor het beginsel van tweetaligheid.

Artikel 5: taalkeuze criteria

Bij de taalkeuze wordt in ieder geval rekening gehouden met:

- a. de criteria zoals die zijn opgenomen in artikel 2:10 van de Algemene wet bestuursrecht
- b. het belang om dezelfde taal te gebruiken als waarin het bestuursorgaan is aangeschreven (volgend taalbeleid)
- c. de continuïteit van de taalkeuze
- d. de bestemming van de documenten
- e. de considerans van afdeling 2.2 Algemene wet bestuursrecht: 'groter gewicht toe te kennen aan de beginselen van gelijke behandeling en gelijkwaardigheid van de Friese taal in de provincie Friesland'.

Artikel 6: vertaalregeling

1. Wanneer een document in de Friese taal is opgesteld, verstrekt het bestuursorgaan hiervan op verzoek een vertaling in het Nederlands. Hier wordt geen vergoeding voor gevraagd.
2. Bij een gewaarmerkte Nederlandse vertaling van stukken die alleen in de Friese taal zijn opgesteld, geeft de oorspronkelijke Friese tekst, ingeval van interpretatieverschillen, de doorslag.

Artikel 7: redelijkheidssclausule

In bijzondere omstandigheden waarbij de toepassing van deze verordening naar de mening van een bestuursorgaan tot onbillijkheid leidt, kan het bestuursorgaan gemotiveerd afwijken van het bepaalde in de verordening.



Artikel 8: slotbepalingen

1. Deze verordening gaat in na publicatie van het raadsbesluit in februari 2003;
2. Deze verordening kan worden aangehaald als: 'Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear fan de gemeente Ljouwerteradiel'.

Toelichting verordening per artikel

Artikel 1:

Dit artikel geeft definities voor begrippen die niet zijn omschreven in de Algemene wet bestuursrecht.

Artikel 2:

In dit artikel wordt de werking van de verordening aangegeven. Er zijn twee beperkingen. In de eerste plaats geldt de verordening alleen voor de bestuursorganen van de gemeente Leeuwarderadeel. Er worden dus geen regels gesteld die van betekenis zijn voor de taalkeuze van burgers. In de Algemene wet bestuursrecht zijn daar wel bepalingen over opgenomen. De bedoeling van de verordening is echter om rechtszekerheid te bieden aan burgers in de omgang met bestuursorganen. Het is dus zaak om zo duidelijk mogelijk te omschrijven hoe de gemeente met het Fries omgaat. In de tweede plaats geldt de verordening alleen voor het schriftelijk verkeer. Het mondelinge verkeer is een zaak van 'normale wederkerende tegemoetkomendheid', zoals dat ook al genoemd werd in het eindrapport van de commissie Kingma Boltjes in 1953. Daarnaast zijn in de artikelen 2:7 en 2:8 van de Algemene wet bestuursrecht regels opgenomen over het mondelinge verkeer. Met het schriftelijke verkeer hangen rechten en verplichtingen samen. In artikel 2:9 van de Algemene wet bestuursrecht wordt aan de in de provincie Fryslân gevestigde bestuursorganen die niet tot de centrale overheid behoren, dan ook expliciet de bevoegdheid gegeven om regels te stellen voor het gebruik van de Friese taal in schriftelijke stukken.

Artikel 3

De bestuursorganen van een gemeente zijn: de gemeenteraad, het college van burgemeester en wethouders en de burgemeester. Onder artikel 1 is nog eens aangegeven dat het om deze organen gaat. Onder de definitie van bestuursorganen in de Algemene wet bestuursrecht vallen ook de in Fryslân gevestigde, bij gemeenschappelijke regeling vastgestelde openbare lichamen en gemeenschappelijke organen. Het recht van vrije taalkeuze kan beperkt worden door wettelijke bepalingen. Daaronder worden formeel wettelijke bepalingen verstaan, zoals de artikelen 2:10 en 2:11 uit de Algemene wet bestuursrecht.

Artikel 4:

In de discussie over het Fries in het bestuurlijk verkeer speelt de vraag of voor 'tweetaligheid' of 'dubbeltaligheid' gekozen moet worden. Tweetaligheid doet recht aan het beginsel van gelijkwaardigheid, maar vraagt wel een bewuste keuze in elke situatie. Dubbeltaligheid geeft een concurrentieverhouding en het kost meer tijd en geld om alles in twee talen op te stellen. In de Algemene wet bestuursrecht blijft de mogelijkheid open voor beide stelsels. Wordt er gekozen voor dubbeltaligheid dan behoeven de artikelen 5 en 6 niet te worden opgenomen omdat bij dubbeltaligheid geen taalkeuze hoeft te worden gemaakt en geen vertaalregeling nodig is. Alle documenten worden dan geschreven in het Nederlands én in het Fries. De keuze



voor één van de alternatieven is tegelijk een keuze voor één van beide stelsels. In dit artikel is gekozen voor het beginsel van tweetaligheid.

Artikel 5:

In het oorspronkelijke wetsvoorstel van de Algemene wet bestuursrecht waren algemene richtlijnen opgenomen die in grote lijnen aangeven met welke factoren rekening gehouden moet worden bij het maken van een taalkeuze. Deze algemene richtlijnen zijn uit de uiteindelijke wetstekst verwijderd omdat in artikel 2:10 al enkele meer dwingende normen opgenomen zijn voor het schriftelijk gebruik van de Friese taal in het bestuurlijk verkeer. In de toelichting van het Ministerie van Binnenlandse zaken (opgenomen in de nota naar aanleiding van het verslag van de tweede kamerfracties) wordt gesteld dat zij er vanuit gaan dat de Friese gemeenten en waterschappen die een taalkeuzeverordening opstellen, daarbij rekening houden met de eerder genoemde algemene richtlijnen. Omdat deze algemene richtlijnen ook aansluiten bij de bestaande praktijk in Fryslân hebben wij ze opgenomen in de verordening. Samen met artikel 2:10 vormen ze een goede basis voor de taalkeuze.

De verordening gaat uit van de algemeen geaccepteerde uitgangspunten voor regelgeving over het gebruik van het Fries in het bestuurlijk verkeer, namelijk de gelijkwaardigheid en gelijkberechtiging van het Fries en het Nederlands als talen van het officiële verkeer in Fryslân. In artikel 5, lid e zijn deze uitgangspunten neergelegd en daarmee ook het uitgangspunt van deze verordening: het verbeteren van de positie van het Fries in het bestuurlijk verkeer door het voeren van een expliciet taalbeleid.

Artikel 6:

Een vertaling van een Friestalig document op verzoek wordt gratis verstrekt.

Artikel 7:

Omdat er situaties kunnen zijn waarin het niet redelijk is, gelet op de omstandigheden, om vast te houden aan het bepaalde in de verordening, is er voor gekozen om deze redelijkheidsclausule op te nemen. Er zouden immers omstandigheden kunnen zijn waarin het bestuursorgaan wil afwijken van het beginsel van tweetaligheid en een stuk dubbeltalig naar buiten wil brengen. In alle gevallen moet het gaan om bijzondere omstandigheden die zich van tevoren niet in regels laten vatten en waarbij sprake zal zijn van onbillijkheid wanneer de verordening wordt toegepast. Het bestuursorgaan zal haar oordeel hierover moeten geven en zal de afwijking van de verordening moeten motiveren.

Artikel 8:

Dit artikel is algemeen en geeft geen aanleiding tot op- of aanmerkingen.